

# WURKPROGRAMMA 2015

## jannewaris

26/1 DINGpetear yn kafee

Fokke

yn petear mei...

29/1 gearkomste DINGtiid

## febrewaris

13/2 DING (ûnderwiis)  
.../2 DING (steateleden)

Fokke

yn petear mei...

26/2 gearkomste DINGtiid

## maart

26/3 DING (bestjoerders)

yn petear mei...

26/3 gearkomste DINGtiid

## april

20/4 DINGpetear yn kafee

30/4 DING (amtners)

yn petear mei...

30/4 gearkomste DINGtiid

## mei

yn petear mei...

28/5 gearkomste DINGtiid

## juny

25/6 DING (resultaten Fokke)

yn petear mei...

28/5 gearkomste DINGtiid

## july

## augustus

## septimber

21/9 DINGpetear yn kafee

Fokke

yn petear mei...

24/9 gearkomste DINGtiid

## oktober

22/10 DING (Frysk yn it bedri-  
uwslibben)

Fokke

yn petear mei...

29/10 gearkomste DINGtiid

## novimber

23/11 DINGpetear yn it kafee

Fokke

yn petear mei...

26/11 gearkomste DINGtiid

## desimber

yn petear mei...

Yn boppesteand wurkprogram binne de ambysjes en de rol fan DINGtiid opnommen sa't we dy ferwurde ha by de presintaasje op 18 septimber 2014. Tagelyk binne ús ûnderfinings fan it ôfrûne jier meinommen.

### **Ambysjes en rol fan DINGtiid**

DINGtiid stiet foar de folgjende ambysjes:

- it sykjen nei kansen dy't de wet ús biedt;
- it berikken fan mear gearwurking;
- it berikken fan in profesjoneel proses om it Frysk hinne;
- it berikken fan de brede mienskip;
- it berikken fan een sterke en lykweardige rol foar it Frysk yn syn meartalige kontekst;
- it berikken fan mear helderheid oer de koers fan it Frysk en elkoars rol deryn.

Yn it realisearjen fan boppesteande ambysjes spilet DINGtiid de folgjende rol. DINGtiid:

- stiet iepen foar elts dy't wat fynt fan it Frysk;
- sjocht;
- stelt fragen;
- harket;
- bringt byinoar en ferbynt;
- dielt kennis;
- trunet oan;
- kreëarret mooglikheden;
- advisearret;
- bringt fierder.

### **Trije spoaren**

Ynhâldlik sjocht DINGtiid trije spoaren. Dy trije spoaren foarmje de ynhâldlike kapstok foar it wurk fan DINGtiid:

#### **1. de wet, ús wet**

- fan reaktyf nei pro-aktyf;
- fan 'wy dogge dit omdat it moat' nei 'wy sjogge kânsen/ wy fine it wichtich';
- we wolle mei it fjild komme ta in bettere ynfolling fan taken, ferantwurdlikens (soarchplicht) en stjoering.

#### **2. de mienskip, ús mienskip**

- fan grutskens (sûnder echte ynhâld/ emoasje/ belang) nei ferantwurdlikheid fiele en nimme;
- fan ûnferskillichheid nei bewustwêzen;
- we wolle ûnder de besteande grutskens op it Frysk by de mienskip mear djipgong, bewustwêzen oer en ferantwurdlikheid foar it brûken fan it Frysk kreeare.

#### **3. de takomst mei it Frysk, ús takomst mei it Frysk**

- fan ferskaat/ferskate doelstellingen nei in helder mienskiplik doel;
- fan in eigen belang nei in eigen belang yn in mienskiplike kontekst;
- we wolle mei de profesjonele ynstellings komme ta in nij ferhaal foar it Frysk.

Op dit stuit binne der in soad ûntjouwings wat it Frysk oangiet. Wat ús wurkprogram oanbelanget wolle wy yn 2015 prioriteit jaan oan:

#### **a. ûnderwiis (yn syn hiele breedte)**

*Dit ûnderwerp is op alle fronten aktueel en DINGtiid is fan miening dat goed ûnderwiis yn it Frysk de basis is foar de takomst fan it Frysk.*

#### **b. digitalisearring fan it Frysk**

*In taal dy't ek digitaal bestiet hat rjocht fan bestean. Dat makket dit ta in tige aktueel en needsaaklik ûnderwerp.*

- c. bettere ynbêding fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkearferkear
- ymplementaasje Taalwet by bestjoersorganen en selstannige bestjoersorganen;
  - skaalfergutting en gefolgen foar it brûken fan it Frysk (oerheid, rjocht, soarch, ensfh.)

*Hoe brûke de oerheid en oerheidsorganisaasjes it Frysk? De wet jout dêr it ramt foar, mar hoe stiet it der yn de praktyk foar?*

- d. finansjeel/bestjoerlik (fan fersplintering nei fokus)

*Dizze prioriteit hinget nau gear mei it hjir boppe beskreaune tredde spoar: fan in eigen nei in algemien belang as it om de takomst fan it Frysk giet.*

In aktueel ûnderwerp dat yn 2015 syn beslach krije sil en dêr't DINGtiid omtinken foar hat, is it Frysk yn de mediawet (de posysje fan Omrop Fryslân). Dit is in foarbyld fan aktiviteiten of ûnderwerpen dy't fuortkomme út bestjoerlike aginda's.

### **Ynstrumint**

Wy sjogge it DING as ynstrumint om ús rol goed stâl en ynhâld te jaan. In ynstrumint om minsken as meitinkers yn ús proses te beheljen. En sa mear nij tinken te kreëarjen.

It DING is fansels ynspirearre troch ús namme. It is in wize of foarm om minsken byinoar te bringen en yn petear te gean. Dat hoecht net altyd op deselde wize of op deselde lokaasje. Per ûnderwerp sykje wy de goeie foarm en de passende lokaasje.

It DING of DINGpetear foarmet de rêchbonke fan ús programma. De ûnderwerpen dêr't we in DING oan wijje wolle, steane min of mear fêst. Mar it moat ek altyd mooglik wêze om oer in aktueel ûnderwerp in ekstra DING oan it programma ta te heakjen. Troch in fêste struktuer te hawwen yn it organisearjen fan DINGen is DINGtiid konstant yn petear oer it Frysk en bliuwt sa ek op 'e hichte fan ûntwikkelings en fan hoe't minsken dêr yn steane. Fan de oare kant wol DINGtiid minsken ek meinimme yn in nije wize fan tinken oer it Frysk.

### *Ferskil DING en DINGpetear yn it kafee*

It DINGpetear yn it kafee fynt plak yn iepen setting yn in kafee. It is bedoeld om minsken byinoar te bringen. Der kin in tema wêze, mar dat hoecht net perfoarst. In DINGpetear yn it kafee kin ek brûkt wurde as tarieding fan in DING.

In DING is in petear oer in yn it foar bepaald tema, dêr't minsken op harren ekspertise foar útnoege wurde.

### *Doel fan in DING*

It DING is bedoeld om kennis te dielen, ynformaasje te sammeljen oer in bepaald ûnderwerp, mienings te hifkjen en minsken meiinoar yn kontakt te bringen. Dat is ien, mar der is mear. Wol in DING echt lading krije, dan moat it ympakt ha. We wolle it DING ek brûke om meiinoar dát advys te skriuwen, of meiinoar dát projekt te betinken. Alle DINGen soenen sa'n soarte fan resultaat hawwe moatte. Dan krije de DINGen nammentlik ek in ferfolch en komt der dynamyk yn it proses.

### *Wat smyt it op?*

In DING smyt kennis, kontakten, ideeën en ynspiraasje op. Yn in DING komme we ta ôfspraken, gearwurking, plannen of in advys. In DING smyt dêrtroch belutsenheid op, in rûnte fan meitinkers.

Neist de DINGen organisearje we ek petearen yn de mienskip mei Friezen út alle lagen fan de befolking, hikke en tein of 'ymport'. Om te witten wat der yn de mienskip libbet en spilet oer it Frysk. Dy ynformaasje kin ek wer fan wearde wêze foar de DINGen. We dogge dat neffens de metoade fan DeFamilieDijkstra© (Fokke), in metoade dêr't we yn it earste jier mei eksperimentearre ha en dy't prachtige petearen oer it Frysk as resultaat hat. En dêr helje we wer tema's út dy't spylje ûnder de 'gewoane' Friezen.

### **Underfinings út it earste jier DINGtiid**

Us ûnderfining is dat minsken elkoar fan út harren wurk net gau opsykje. Ek net as se it-selde wurk dogge. Se meitsje dus net optimaal gebrûk fan elkoars kennis en ûnderfining. We hawwe ûnderfûn dat ast minsken byinoar bringst dat yn alle gefallen in soad enerzjy en entûsjasme opsmyt. Minsken fiele dat se der net allinnich foar steane, se kinne good practices diele en dêrmei tiid winne. Minsken komme meinoar ek op mear en bettere ideeën as allinnich. We tinke dêrom dat it organisearjen fan DINGen en DINGpetearen yn it kafee foarsjocht yn in ferlet.

Yn it ferlingde dêrfan tinke we mei it organisearjen fan DINGen foar te kommen dat elk it tsjil hieltyd op 'e nij útfynt. Der is genôch kennis. Litte we de kennis dy't der is diele en goed brûke

As DINGtiid hawwe wy it ôfrûne jier brieven stjoerd mei advizen oan it Ryk en de provinsje Fryslân. Dêr komt in antwurd op of net. Us konklúzje is dat we elkoar sa oan it wurk hâlde, wylst it mar de fraach is oft der echt wat bart. Wy geane leaver yn petear. Yn de foarm fan in DING of in ien op ien petear. It is persoanliker, effisjinter en we tinke dat it mear opsmyt.

De ûnderfining fan it ôfrûne jier hat ek leard dat it hiel maklik is om as DINGtiid te belânen yn in reaktyf proses. DINGtiid wol in goeie balâns fine tusken reaktyf en pro-aktyf wêze. De DINGen kinne dêr by helpe. It fine fan sa'n goeie balâns freget om foarútsjen, witte wat der spilet en dêr de agenda op ôfstimme.

### **Ynspiraasje**

Net sa dúdlik opnommen yn it wurkprogram, mar foar ús wol tige wichtich, is dat we by alles wat we dogge ek hieltyd de refleksje fan in relative bûtensteander freegje. Dat wolle we dwaan troch keunstners te freegjen harren ynspirearje te litten. It betsjut dat we bygelyks in lietsjeskriuwer freegje om yn in liet te reflektearjen op alles wat yn in DING besprutsen is, of dat we in dichter freegje om in gedicht te skriuwen ynspirearre op de Wet gebruik Friese taal.

### **Wurkprogram**

Boppesteande hat laat ta in reedlik fêste struktuer fan DINGen en petearen yn it wurkprogram. De eigen gearkomsten fan DINGtiid sitte dêr ek yn. We tinke dat it goed is om ien kear yn de moanne byinoar te kommen sadat de leden, ek as se net by in DING binne, wol goed op 'e hichte bliuwe. By dizze oerlizzen noegje we ek de amtners fan BZK en provinsje út om (in part fan) de gearkomste by te wenjen. Ek dêr jildt dat persoanlik kontakt neffens ús better wurket.

Understeunend by dit wurkprogram is ús webside. Op ús webside is ynformaasje te finen oer DINGtiid, oer de DINGen, oer advizen, ensafuorthinne. Mar minsken kinne dêr ek harren ferhaal uploade en alle nijs oer it Frysk is dêr fia twitter en Facebook te finen. Feitlik in virtueel DING.

It wurkprogram moat sjoen wurde as in basis. Fansels is it wurk fan DINGtiid hiel dynamysk. Yn it wurkprogram is dêr romte foar.

## Begrutting by it wurkprogram 2015

Stipe DINGtiid	40.000	basearre op 24 oeren yn de wike yn payrollkonstruksje
fergoeding foarsitter + leden DINGtiid	21.600	
húsfesting	1.500	fleksibel wurkplak en oerlis yn Bolk-húspoarte (BHP-Flex)
7 x DING	7.500	
4 x DINGpetear yn kafee	1.000	
mienskipspetearen	9.000	útfierd troch DeFamilieDijkstra (c)
ûndersyk troch treden	50.000	
ynspiraasje	5.000	
wurkreizen	9.400	
oare kosten	5.000	
<b>Totaal</b>	<b>150.000</b>	

### Ta beslút

Wy kieze der foar om in wurkprogram foar in jier op te stellen. Dat is in perioade dy't ridlik te oersjen is. Foar DINGtiid is it it meast praktysk en wurkber om binnen dy perioade te wurkjen. De trije spoaren foarmje foar de lange termyn de ynhâldlike kapstok. Per jier folje we dêr it programma foar yn.